

IBABS ID: ID 230

Van

G. Jansen, FNP

Behandelend

ambtenaar/portefeuillehouder

Datum ontvangst vragen

15 mei 2025

Vragen beantwoorden voor

10 werkdagen

Onderwerp:

Ynset (en tal) frouljustoiletten by eveneminten binnen de gemeentegrinzen fan It Hearrenfean

Inleiding:

Graach soe ik mûnlinge fraachen stellen wollen oer de ynset (en tal) frouljustoiletten by eveneminten binnen de gemeentegrinzen fan It Hearrenfean.

Oanlieding hjirfoar wie it troch gemeente - en lokale organisaasjes organisearre

Keningsdei 2025 op sneon 26 april 2025.

Sa soene der te min frouljustoiletfoarsjenningen west hawwe. Om dit te boargen foar de takomst ha wy as FNP in tal fragen foar it kolleezje:

Vragen:

Wie dizze klacht hjir ek bekend? Of is soks alris earder oan `e oarder west?

Antwoord:

Nee, dit is by ús net bekend.

Op freedtejûn ('Koningsnacht') en Keningsdei sels hat de organisaasje it sa regele dat alle hoarekagelegenheden de sanitêre foarsjenningen beskikber steld ha foar dit evenemint.

Ek waarden der trije plaskrusen delsetten, ferdield oer de Oerklúzing en yn de steech njonken 'Café Bak (Oude Koemarkt 2). Dat wie akkoard foar de GHOR en is opnommen yn de evenemintefergunning. Op 'e bernefrijmerk op Keningsdei koene besikers telâne by de hoareka foar in húske.

Allinnich by Bufferfly Beach Party - ferline jier op De Heide - hat der ien klacht west oer te min froulju's húskes.

Vragen:

Wa is ferantwurdlik om sa `n basisbehoefte as in frouljustoiletfoarsjennings te regeljen?

Antwoord:

De organisator fan it evenemint moat derfoar soargje dat der genôch húskes (en waskfoarsjennings) binne.

Vragen:

Hokker noarm of `rekentool` wurdt hantearre om in goede ferdielkaai te meitsjen tusken it tal manljus - en frouljustoiletfoarsjenningen?

Antwoord:

De organisator fan in evenemint jout op it formulier foar in evenemintefergunning oan wat de ferwachte besikersoantallen binne en de foarstelde oantallen sanitêre foarsjennings (frouljustoiletten, plaskrusen, plasgoaten, minderfalidetoiletten). Op basis hjirfan advisearret de GHOR ús oer de oantallen húskes. Dêr brûke se in omrekenskema foar: Tijdelijke sanitaire voorzieningen bij een evenement - Veiligheidsregio Fryslân. Hjir sit gjin útsplitsing yn it tal húskes foar mannen of froulju; we fine dat de organisaasje oer it algemien sels in goed byld hat fan it besikersprofyl en faak wurdt der 50% man – 50% froulju oanhouden. De GHOR hat in rekkentool fan it RIVM beskikber om dit te berekkenjen foar wa't dit oanhâlde wol: WC-calculator voor evenementen - Kenniscentrum Evenementen.

Vragen:

Wat kinne wy as gemeente dwaan om eveneminten (noch mear) froufreonliker te meitsjen? Dit alles yn it ramt fan de toiletfoarsjennings?

Antwoord:

Om dy fraach te beantwurdzjen is it goed om earst helder te krijen wat presys de ynâld fan de klacht oer Keningsdei te hawwen, om nei te gean oft dit in trend is.